

# MOASJE

Yn te foljen troch de griffier

Yntsjinner: CDA
Mei-yntsjinner(s):
PvdA VVD CU FVD

Moasje nr.	01
Paraaf	
Wurklistpunt	11
Beslút	

## MOASJE, ex artikel 30 Reglement van orde

Steategearkomste	16 en 23 septimber 2020
Wurklistpunt	Notysje Wersjenning nota behear en skeabestriedng
Koarte titel fan de moasje	Faasje yn it proses

De Steaten, yn gearkomste byien op 16 en 23 septimber 2020

heard hawwende de rieplachting;

konstatearjende dat

- it wetlik needsaaklik is om de nota behear en skeabestrieding op koarte termyn te wersjen
- it praktysk needsaaklik is om mear soarten op in wurkbere wize bestriide te kinnen
- de nota net mear yn 'e pas rint mei de oarspronklike tiidplanning

oerwaagjend dat

- Der gjin sprake mear is fan in natuerlik lykwicht fan bistersoarten yn de biotopen fan de greidefûgelkearngebieten, der binne tefolle predatoaren
- De greidefûgels dêrtroch der net yn slagje om har populaasje yn stân te hâlden, lit stean út te wreidzjen
- Der troch pilots al in soad ynformaasje bekind is omtrint de soarten dy't bestriiden wurde moatte om wer in lykwicht te krijen
- Der op dit stuit te min wetlike en wurkbere mooglikheden binne om meardere predatoaren fan greidefûgels súksesfol te bestriiden
- dat behearen fan predatoaren as ien fan de fjouwer belangrike betingsten yn it rapport Winsemius neamd wurdt, foar briedsúkses.
- De motivaasje fan de minsken yn it fjild troch de predaasje elk jier fierder ôfnimt
- Dizze boeren, lângebrûkers en frijwilligers ûnmisber binne yn it behear,
- Der troch de Provinsje in dúdlike kar makke is om de greidefûgels yn Fryslân te rêden,
- De provinsje dêr jierliks rom 20 miljoen yn stekt
- Sûnder in wurkbere foarm fan predaasjebehear dit jild foar in grut part gjin effekt hat
- Der gjin tiid mear ferlern gean mei

**MOASJE**

## MOASJE

fersykje it kolleezje fan Deputearre Steaten

- Alles yn it wurk te stellen om de oanpaste nota behear en skeabestriiding nei it beslút yn de Steaten, foar it briedseizoen fan 2021, effektyf te meitsjen.
- Der by de oanbelangjende partijen op oan te trúnen om yn it adfystrajekt harren meiwurking te jaan oan in flot proses.

en gean oer ta de oarder fan de dei

Yntsjinner(s)	CDA, Attje Meekma PvdA, Hetty Janssen VVD, Marten Dijkstra CU, Wiebo de Vries FVD, Maarten Goudzwaard
---------------	---